

Provinsje Fryslân
o/f formateur de hear O. Brouwer
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert, 6 april 2023

Achte hear Brouwer,

Mei dit brief wol DINGtiid, it wetlik advysorgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske taal (2014), jo guon hantfetten jaan oer hoe't Frysk taalbelied in rol spylje kin by it foarmjaan oan in nije provinsjale koälysje.

Jo hawwe de wichtige taak krigen om as formateur in provinsjale koälysje foar de kommende jierren ta te rieden. Der binne op it heden in protte tema's dêr't yn de provinsjale polityk wakker ûngelyk oer tocht wurdt; net elts leit it belang op itselde dossier. Mar aldergeloks is der ek in tema dêr't suver elke Fryske fraksje wol belang oan hechtet: de Fryske taal. Net foar neat ommers is der ek al hiel lang in Steatekomitee Frysk, dêr't alle partijen yn fertsjintwurdige binne om boppepolityk mei-inoar te redendieren oer Frysk taalbelied. Dat is ek goed en wichtich, want yn it provinsjaal belied spilet it Frysk in almar wichtiger rol. Boppedat komt it Frysk ek op de lanlike politike bühne hieltiten sterker nei foarren. Oansteande koälysjepartijen moatte it, mei oare wurden, iens wurde kinne oer harren ambysjes mei it Frysk.

DINGtiid hat yn de rin fan de ôfrûne tsien jier fernaam dat beskate grutte linen yn it provinsjale taalbelied wichtich binne foar de langere termyn. Dy linen wurde útlein yn de fiifjierrige Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK), dy't ek dit jier wer ûntwurpen wurdt, no foar de perioade 2024-2028. De kommende koälysje sil dêr dus in soad mei te krijen ha. De linen yn de BFTK freegje dêrmei om polityk draachflak. Rûchwei binne neffens ús de folgjende beliedslinen dragend ûnder it taalbelied:

- **Trochgeande learline:** hoe stean de partijen foar it idee oer dat Fryske bern fan pjutteboartersplak oant en mei it heger ûnderwiis de Fryske taal leare kinne moatte soenen, sa't ek ôfpraat is yn it Europeesk Hânfêst? No binne der noch wichtige obstakels, dy't dy learline ûnderbrekke (bgl. foarskoalske opfang, boppebou fû, mbû) en dy't yn de kommende jierren oplost wurde moatte soenen om dy trochgeande learline te boargjen.
- **Sichtberens:** hoe stean de partijen foar it idee oer dat it Frysk yn alle domeinen – rjocht, bestjoer, ûnderwiis, soarch, media, ekonomysk ferkear, etc. – sichtber en brûkber wêze moatte soe? Sichtberens giet fierder as buordsjes op de baly, it giet ek om taalbelied by oerheidsynstânsjes, it brûken fan it Frysk troch bestjoerders en it stypjen fan ambysjes mei it Frysk yn alle domeinen fan ús mienskip. Faak is dêrfoar in liedende, oantrunende en foarbyldjaande rol foar DS weilein.

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

- Takomstperspektyf: wêr wolle we mei it Frysk stean yn 2050? Der ûntbrekt in grutte line, in ambysje dy't it fûnemint foarmet ûnder alle oare ôfspraken oer it Frysk dy't we mei-inoar meitsje. It kommende kolleezje sil de linen útlizze moatte dêr't Frysk taalbelied foar de lange termyn lâns foarmjûn wurde moat. Dat is in tige lestige mar ek tige moaie opdracht foar it kommende provinsjebestjoer.

Wy soenen jo graach oanmoedigje wolle om yn jo petearen te hifkjen wat de partijstânpunten oangeande dizze trije haadlinen binne. Boppedat, it Frysk is dan wol de grutste en wetlik bêst beskermde taal fan Fryslân, mar it is perfoarst net de iennige regionale taal hjir. It provinsjebestjoer hat ek de noed oer de oare lytse talen fan Fryslân, lykas it Stellingwerfsk, de talen fan it Waad, de Stedsfryske talen, it Biltsk en it Hylpersk. Yn syn algemienheid soe it goed wêze dat de provinsjale koällysje ek breder in stânpunt ynnimt oer hoe't se it prachtige mar kwetsbere taalferskaat fan Fryslân beskermje en befoarderje wol.

Fansels binne we ree om eventuele fragen te beäntwurdzjen, of jo by te praten oer aktuele dossiers dy't mei Frysk taalbelied te krijen ha. Dat past ek goed by ús neutrale rol as provinsjaal en nasjonaal wetlik advysorgaan foar it Frysk.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
foarsitter DINGtiid

Dit brief giet ek nei:

Fraksjefoarsitters A.W. Kooistra (BBB), E. Hamstra (PvdA), R.F. Douwstra (CDA) en M.A.C. de Vries (ChristenUnie).